[0235] **WURDSNEUPERIJEN**

27. Nijfrysk *krôkje.*

It hat my altiten nij dien, dat it Greatnederlânsk Wurdboek yn it Noardhollânske *krokken* [1]), oerienkommend mei nijfrysk *krôkje* [2]) ’justjes snije', in lûdneibauwend wurd sjocht en it mei `kreakje' yn forbân bringt. Allyksa woe Chr. Stapelkamp [3]) yn in artikel yn 'e trêdde jiergong fan *Taal en Tongval* der op út, it tiidwurd `kraken' soe op `krokken' ynwurke ha. Op himsels jowt it net in soad eigenskip om oan in kreakjend lûd to tinken, hwant yn Fryslân en yn 'e kontreijen fan 'e Saen forsteane hja ûnder *krôkje* en *krokken* [4]) 'it stadige delsaeijen fan tinsiedde snieflokjes', yn tsjinstelling bygelyks mei `wiskje', dat fan in `sniejacht' sein wurdt. Salang as men lykwols gjin bettere ôflieding útstelle kin, doar men de gongbere net forsmite, al hoe twivelich men der foar oerstiet. Doe't my nou in skoftsje lyn it Noardfryske haedwurd *snäikrook* `snieflok' en it tiidwurd *krooke* `opdúnje fan snie (tusken twa dakken b.g.)' ûnder 'e eagen kamen, stie it lykwols by my sa fêst as in dyk, dat de útlizzers alearen de planke misroaid hiene.

1) *Woordenboek der Nederlandsche Taal* VIII, 1916, kol. 311 en 312.
2) W. Dykstra**,** *Friesch Woordenboek* II*,* Leeuwarden 1903, s. 98.
3) Chr. Stapelkamp, *Brantkoorn - crockezaet - krok - hooikrok,* Taal en Tongval III, 1951, s. 90.
4) G.J. Boekenoogen, *De Zaansche Volkstaal*, Leiden 1897, kol. 522.

De Noardfryske wjergea komt foar yn 'e tongslach fan 'e Wiedingharde, dêr't wy P. Jensen [1]) syn wurdboek foar opslaen moatte. De gearstaller neamt yn kol. 297: *krôk* (op 't heden skreaun as *krook)* `Schneeflocke' en fuort dêroan *krôke* (hjoeddeis stavere *krooke)* `in den äußeren Dachwinkeln sich ansammeln (vom Schnee)', wylst er yn 'e twadde, net útjowne, biarbeiding fan syn wurk noch de neikommende foarbylden fan it gebrûk bybringt: *oon grot krooke fjil e snäi* `in großen Flocken fiel der Schnee' en *dat snäi krooket al* `der Schnee sammelt sich schon in den äußeren Dachwinkeln (z.B. am Giebel)' [2]). It liket my sa ta, dat it subst. *krook* `Dachwinkel', dat yn syn lûding mei *krook* `snieflok' gearfallen is, Jensen by syn omskriuwing fan it Noardfryske *krooke* it spoar efkes bjuster makke hat. It is al sa feilich, tinkt my, om dy `Dachwinkel' mar wei to litten en, hwat *krooke* oanbilanget, it op de bitsjutting `opdúnje, opheapje fan snie (yn 't algemien)' to hâlden.

Mei dy forbinende tried yn 'e hannen, moast neigien wurde, oft der jit oare sibben fan *krôkje* yn it Germaensk bistiene. It die bliken, dat de wei diskear fan Fryslân biwesten de Lauwers oer ús Noardfryske stambruorren nei de uterste oarde fan 'e `grime herne' gong, to sizzen nei Iislân. Dat de biwenners fan dat eilân op 't heden it eigenskipswurd *krǫkkr* `wimeljend' sawol as it tiidwurd *krǫk(k)ta* `wimelje, wrimelje, optille fan' kenne, is fansels foar de skiednis fan it Fryske wurd in foarnaem ding. De neisieten fan 'e âlde wytsingen brûke *krǫk(k)ta* en *krǫkkr* moai rom en algemien, û.o. fan minsken, fé en ... foarskriften. Sa kin men yn S. Blöndal [3]) syn wurdboek lêze: *`þar var krökt af folki'* `it krioele dêr fan 'e minsken'; *Í krökkum sæg af tilskipunum* `yn in floed fan foarskriften' en *allir lyngmóar krökktu í berjum* `alle heidefjilden tilden op fan plakken mei hean gers', wylst R. Cleasby-G. Vigfusson [4]) noch hawwe: *krökt* 'swarming' (wimeljend); *krökt af fé* `optillend fan fé'.

Ut it mânske Iislânske ôfliedkundige wurdboek fan A. Jóhannesson [5]), dy't *krǫkkr* en *krǫk(k)ta* staveret, waerd ik gewaer, dat E. Zupitza [6]) yn 1896 al oer it komôf fan 'e neamde Iislanske wurden neitocht hat en dy tobekbringe woe ta de yndogermaenske stamme **ger.* Binne wy ienris sa fier opeind mei it ûndersiik nei de skiednis fan in wurd, dan is it saek en helje it *Idg. etym. Wb.* fan J. Pokorny [7]) der by, dêr 't eltse wurdsneuper yn it einsluten by torjochte komme sil. Pokorny omskriuwt de grounbitsjutting fan ydg. *ger-, gere-* mei `gearfetsje, sammelje'. De útrinders fan dy wurdstamme hawwe binammen wreide yn it Gryksk, Latyn, Iersk en Baltoslavysk. De ôfliedingen, dy't wy it maklikst neikomme kinne, nimme wy hjir oer: Gryksk *ἀγείρω (ἀγερῶ)* `sammelje' gr. dor. *ἀ-γρέ-τᾶς* `samler', *ἀγορά* `forgearring, gearkomste, plak fan gearkomste, merk'; γέργερα = *πολλά* (Hesychius) `folle, in bulte'; τὰ γάργαρα `gewimel, heap, mannichte, kloft'; - lat. *grex* (gen. *gregis)* `keppel, kloft,

1) P. Jensen, *Wb. der nordfriesischen Sprache der Wiedingharde,* Neumünster 1927, kol. 297.
2) Tige tank oan 'e Hear N. Århammar fan it Noardfryske wurdboeksintrum to Kiel foar dy lêste opjeften!
3) S. Blöndal, *Islandsk-Dansk Ordbog,* Reykjavik 1920-1924, s. 455.
4) R. Cleasby-G. Vigfusson, *An Icelandic-English Dictionary,* Oxford 1874, s. 357.
5) A. Jóhannesson, *Isländisches etymologisches Wörterbuch,* Bern 1956, s. 345.
6) E. Zupitza, *Die germanischen Gutturale,* Berlin 1896, s. 149.
7) J. Pokorny, *Indogermanisches etymologisches Wörterbuch,* Bern 1959, s. 382.

skare'; - midiersk *graig* (gen. *grega)* `hynstekeppel'; - litausk *gurgulys* `tichte swarm', *gretà,* byw. `ticht opinoar'.

Dat rychje moat it mar mei ta, hwant it soe in bytsje doel ha, om hjir alle wurden plak to jaen, dy't neffens Pokorny twigen út 'e âlde stamme **ger-, gere-* binne. De foarmen, lyk as dy har yn 'e ûnderskate tûken fan it Yndogermaensk ûntjown hawwe, litte klear sjen, dat dêr de bitsjuttingen `wimelje, wimmelje, gearpakke, sammelje, opheapje' mei anneks binne, dy't elk foar oar ek skoan by delsaeijende snieflokken passe. Nou kriget men der ek in bigryp oer, hwerom 't yn it Frysk sein wurde kin: 'de *loft* krôket' *(Fr. Wb.* II, 98), dat is oars neat as 'de loft wimmelt, wrimelt, grimelt, krioelet (fan 'e snieflokjes)'. Ik leau dêrom foarfêst, dat de wurdkloft fan Noardhollânsk *krokken* (tink oan 'e Fryske ûndergroun fan Noard-Hollân!), Westerlauwersk Frysk *krôkje* justjes snije', Noardfrysk *krooke* `opdúnje fan snie', *snäi-krook* `snieflok', nijiislânsk *kroͤkkr* `wimeljend, optillend fan', *kroͤk(k)ta* `wimelje. krioelje' meiinoar gearhinget en by de niisneamde ydg. stamme **ger-, gere-* heart. Dat skift hat neat út to stean mei it tiidwurd `kreakje', dat wy dêrby sadwaende foargoed bûtenskoattelje moatte.

Op 'e frage, hoe't it nou winliken yn ús gefal krekt sit mei dy Frysk-Noarske sibskip, soe ik dit biskie jaen wolle: krektlyk as âldnoarsk *foͤlr* `bleek' fuortkommen is út germ. *\*falwa-,* ân. *goͤrr* `ré' <**garwa-,* ân. *hoͤss* `griis' <*\*haswa-,* ân. *þroͤngr* `nau, smel' <**þrangwa-,* sa sil iislânsk *kroͤkkr* út **krakwa-* ûntstien wêze. It Fryske *krôkje* hat him foar 't neist ûntjown út âldfrysk **krokia,* in ôflieding fan it eigenskipswurd **krok* <**krukwa-.* Sa bisjoen, geane der dus ûngelikense lûdtrimen *(krak-/kruk-)* efter it Fryske en Skandinavyske bigryp biskûl, dy't werombrocht wurde kinne ta wikselfoarmen fan ydg. **gre-g,* in útwreiding troch 'ûnfolsleine fordûbeling' (`mit gebrochener Reduplikation', seit Pokorny) fan it al in reismennich neamde wurdelemint **ger-, gere-.*

Dat it iene - neffens in Fryske sizwize - fan it oare yn 'e kream komt, hold hjir ek wer, hwant doe't de wiere bitsjutting fan *krôkje* ensfh. opklearre wie, waerd tagelyk it komôf dúdlik fan nijfrysk *krôk* `sied, tsjêf en ôffal fan hea' (ek yn *heakrôk* `ôffal fan fyn hea en sied dat yn in heablok oerbliuwt'), Saensk *krok* - nêst de forâldere foarm *krook* [1]) - `gerssied, heaôffal', Westflaemsk *krok* [2]) `ôffal fan nôt'. As de lêzer him noch efkes it hjirboppe oanhelle τὰ γάργαρα `gewimel, heap' to binnen bringt, sil er him der net oer fornuverje, dat *krôk* allyksa fan 'e ydg. stamme *\*ger-* `wimelje, gearpakke, sammelje' ôflaet is. Fan dat oangeande kinne wy it dêrom net lykfine mei Chr. Stapelkamp [3]), dy't dat *krôk* mei de nederlanske plantenamme *krok* `wik, wikke', út lat. *(Vicia) cracca*, op ien heap smyt.

1) G.J. Boekenoogen, *De Zaansche Volkstaal*, Leiden 1897, s. 522.
2) L.W. Schuermans, *Algemeen Vlaamsch Idioticon*, Leuven 1865-1870, s. 299.
3) Yn: *Taal en Tongval* III, 1951, s. 90.